

The Project Gutenberg eBook of Clipsrymkes

This ebook is for the use of anyone anywhere in the United States and most other parts of the world at no cost and with almost no restrictions whatsoever. You may copy it, give it away or re-use it under the terms of the Project Gutenberg License included with this ebook or online at www.gutenberg.org. If you are not located in the United States, you'll have to check the laws of the country where you are located before using this eBook.

Title: Clipsrymkes

Author: Here Gerrits van der Veen

Release date: November 19, 2006 [eBook #19864]

Language: Frisian

Credits: Produced by Frank van Drogen, Christine D. and the Online Distributed Proofreading Team at <http://www.pgdp.net> (This book was produced from scanned images of public domain material from the Google Print project.) With special thanks to Hillie Plantinga for context reading and SL for providing higher resolution scans.

*** START OF THE PROJECT GUTENBERG EBOOK CLIPSRYMKES ***

CLIPSRYMKES,

FEN

H.G. VAN DER VEEN.



TO FRENTJER, BY
W.J. BRUINING, Kz.
1846.

*De wereld is een hangklok: de slinger is 't vrouwelijk
geslacht en 't gewicht is de geldzak.*

Proeven van een Nieuw Satyrisch Woordenboek,
Vad. Letteroefeningen.

*Voor je 't rechte komt te weten,
Is je halve tijd versleten.*

WIRDTJE FOÄRAOF.

Clips-Rymkes! *scille jimme wol sizze, Læsers! Clips-Rymkes? dat is tjuster. Just, tjuster is 't, in dat woe 'k eack mey dit wird to kennen jaen. Ick hoopje mar, dat it jinge jimme fierder sjen scille, ljeacht wurde mey; in dat 't jimmen net giet, as mey 'n hopen buwcken, mey ljeachte opschriften (titels) in tjustere ynhalen.*

Freget min lyckwols neyer uetlizzinge fen 't wird, ick scil myn bæst er op dwaen, muwlk wirdt it yn allen sa klaer net, as oare foärredens: now, den mat dit eack mar ien clips-wirdtje foäraof hjitte.

De Hollâners neame socke rymkes Snavel-, (by forkoärtinge: snel, eygentlick beck, snou-) Punt- as Hekeldichtjes; as leawwer: hwat hja mey dy trye wirden sizze wolle, siz ik mey dit iene.

Eclips, as lyck as wy, Friezen, sizze: Clips-rymkes binne it, it iene is wol hwat tjusterer (bedecker) as 't oare, mar allegeärre draeye se sa folle wol, dat er hjirre as dære altiid wol ien rântje beditsten wirdt; howol 't ick just net op ien prick aof wil, ho 't it draeit, as ho 't it snijdt, declineert, aofwycket, neyerkomt, op graeden, menueten in seconden aof, lyck as de loftgeleerden in hymelkindigen. Mar dit wyt ick: lyck as er onderscheid ynne greate fenne Clipsen ynne Natuwr is, sa scil min hjir aeck onderscheid sjen: altiid binne myn Clipsen net allycke moay; dit hinget sims simpel fen 't waer aof.

Min hat ommers sa goe' waer (moay waer, inkelde daegen alheel gen waer) ynne boärgerlicke, sedelicke, steatkindige wrald in yn ues breinkasten as ynne Natuwt. (JEAN PAUL maake miniatur-clipsen yn syn huwshaldinge).^[A]

Dærby is de iene folle gouwer klear as de oare, mey to sizzen: "'t is ljeacht, as: "'t is tjuster!" kreckt as min 't sjucht by ien sinneclips, dy 't de kickerts oan 't raesen bringt, omt hja miene, dat de nacht harren oerfalt, wyl 't greater beesten, minder forfeard, stil de beusichheit fenne dey foartsette. Eack kin ien lytse clipse sims mear tumult meitse, as ien greate, as er mar klaer waer treft: dit seagen wy oan JAN KAREL JOSEPHUS VAN SPEYK, de 5 Feb. 1831, ynne heldere daegen fenne tjiendeysce fieltogt.—In waerd sa, by Napoleons tiiden, de lytse broederscip net beclipse troch 'e greate fryheid in gelyckheit?

Ién forsiik lyckwol, Læsers! to wyten: tink net, dat ick de iene as de oare mey dizze as jinge wirden op 't each hie, wol saecken. It rymke: "Op Immen," mey er de schyn fen hawwe, it wæsen ontbreckt er oan; went it is louter de weärrega fen Op Iemand (as Ingelinne). In is 't, da min sims by de earste læsinge mient, dat it wol sa is; as dat min net sjen ken, wær 't igge as ein fæst sit, yn 't jinge ick op pompier maulke—læs noch 'ris, in tink er ien byttje op ney, as 't jimmen beleaft! in jimme scille fornimme, dat ick my-sels faeker beclipse as ien oar. Ynne Natuwr giet 't ommers eack sa; went moânne- in sinneclipsen binne eygentlick ierdclipsen. Yn 't earste gefal blieowt er meastentiid noch al ien byttje ljeacht oer, in ien sinneclips is sims wol ris tiige great, mar noait totael: ien lytse bol ken ommers ien greate noait al heel in de al wey meitse; lytse ljeachten noait de greate al heel fortjusterje, it haldt mey ien lytse schymer al hird op: better ken ien great bol him sels beclipsje. Mochte it eack al ris barre, dat myn clipsen jimmen to swart, to tjuster in to gleuan as sa hwat binne—och, minscen! wol se hwat trogge fingers sjen, in tink: "hwa is er oppe wrald dy dær buwten kin?"

Duennega, 1845.

H.G. VAN DER VEEN.

[Pg 5]

CLIPS-RYMKES

ABBECAET.

Sjucht min cometen oan'e stirt,
Ho dat har baenen binne,—
'k Lieouw dat min sa oan 't jild wys wirdt,
Ho 't 'e Abbecaten rinne;
Fen oare kleaten mey min 't dwaen,
Hjir ken nen minsc' de loop op jaen.

ADELDOM.

Fen 't adeldom? ho dom! neamt min de wysheit^[B] sa?
Brocht net de slange yn 't Haof den d' adel minscdom ta?
In dat wier ommers wiis:—de minsc moäst falle in stean:
'n Alle adels neam ik *dom*, dy *foar* as *ney* dy geaen'.

APEL.

Hwa 't alleman fordomt, omt ADEM apels mocht—!
Ick jaen myn tawird net:
'k Ha 't ADEM eack net jown, 'k hoopj 't hy yn 't jongst gerjucht
Yn my ién foarspraek het.

[Pg 6]

BEGJIN.

't Begjin hat nen begjin as ney ien fæst besluet,
In hwat it ein beschrieowt—socks wiist 't begjin faeks uet.

BEWIIS.

Is mannich troch 't bewiis net faek forbjustre racke,
Omt min mey ljeacht bij ljeacht, nen ljeacht mar schymer macke?

BUCHEL.

"Gebreckich, dy ien buchel hat!"
Dat lycket TRYN hwat geck ta:
"t Is oerfloed," seit se, "Ey ju!" sey TET,
"t Komt, 't each wol synes eack ha."

C.

It Hollâns hat nen C, ho scil min cint den schrieowe?
Sint! (hillich?) 't koe nen quea: cint sintet 'n hopen lieowe.

CHARON. ^[C]

Hwat hie 'k, aldman, foarhinne ien fear,
Dat bæst wier; hwat is 't now?
Forgees—de minscen kenne n't mear,—
Forgees is 't now, dat 'k schow.
'k Tochte earst, 'k lizz' foär myn alde dey,
'n Miljoen braspennings, ^[D] glædwey, wey:—
Romein in Griek dy hiene
By 't stalt; mar Jood in Christ'nen staen',
Mey lege buwssen 'n moaye klean;
Hwat scoen' dy schepsels miene!

[Pg 7]

Wyl 't ick it folle drocker ha,
(Min stoomt my 't folk bij fleten ta!)
'n Now minder yitte barre?
Ne, is de wraldmerk' mar ris oer,
As 'k harren eack ien reckning stjoer!
Forgees scil ick net farre.

'n Doärwaerder ('k sizz' 't har, dy hwat wyt)
Dy hat myn spil ynn' hannen;
In as it Hege Rjuchtshaof sit,
Den huwcht 't er net to spannen,
As 't is mar: "wey, mey him! (in foart)
"Hast' dy to wrald mey 'n oärmans goed,
Formacke in dien, man, bæstich!
Dat mast belye, hondert jier, ^[E]
Mienst 't Charon hjir dyn jonge wier?
Dær foär 's syn fear to laestich!"

[Pg 8]

Now, minscen! tink 'ris onderweis,
Ho blieow 'k 'n knap man de læste reis:
Tjien duiten binn' jimm' nedich;
As cinten binn't now—sândeheal—
't Is 't selde eack ho 't it hjit—'t prins'peal
Dat macket ues hjir fredich.

Fen ADEMS tiid is myn octrooi
My jown troch Gods genaede:
'n Yn 't earst wier 'k wol ien byttje loay;
Mar 'k waerd' sims eack oerlaeden
Mey swiere frachten ^[F] dærom seach

Ick, dat ien ink'len oars foart teach;^[G]
Mar dat bart now net langer,
'k Far now op Gods genaede ta,
In somt 'k by JEZUS hellinge ha,
Waerd 'k eack ien byttje stranger.

To fore sette ick wol ris oer
Foar 'n botsen, 'n blank as foar ien stoer,
Sims by de gratie allinne:^[H]
Mar 't swier fortimm'rjen twinget my,
(De berntjes blieow' noch lyckwols fry)
Dat mat ick eack wær winne.

In dærom, minscen! dwaen jimm' bæst,
Went, sycker, 't eintje draecht it læst:
"Steun op genaede allinne,
As jimme klear binn' mey de fracht;
Went CHRISTUS jouwt noukeurich acht,
Ho flytich dat we binne.

CINTEN CINTEN.

Cinten
Sinten'
't Christendom:
Christ'en
Christ'nen'
CHRISTUS om.

DEA.

Kenn' wy mey better feärman farre,
As dy ues ney de hymel bringt!
Wy blieowe eack den by him bewarre,
As schip in laeding yit forsinkt.

DOMENYS.

Och: *dom* en *nys*! sa ken min 't læse;
't Wier better *wiis* in *nys*, tocht' my:
Wier 't domme *nys*: (freamd) 't mocht sa wæse—
Mear *wiis* nys kaem fen domenys.

DROME.

JAN seit, dat 't libjen dromen is,
KLAES mient, 't is fier it plankjen mis;
Dat striidt as ljeacht in tjuster;
Mar ick sizz': drome in miene is ien,
Wirdt sliepend 't ien, 't oar weitsend' dien—
't Is beyde 't buwckjen bjuster.

EARE.

Muwlk is dit blinkjend goed
Dat 'e wrald foär echt forkleärret,
Meast all'geär' falsce munt
As de iiwichheit 't wirddeärret.

ECHT.

"De H foär echt,"
Seit HALBE, "is hecht:
'n De man is 't hoofd, sa tinkt it my,"
"In de S foar echt,"
Seit S_{IPK}, "klinkt sæcht:
Ick bin de hals, sa draey ick dy."
Nen letters—rjucht as krom,
Dy dope ien echte echt om.

EED.

Twæ fingers? hwat ien quea! sa doar min God oanroppe!
'n Falsce eed beswaerd mey 'n eed!—ién is er ommers boppe.
Tink oane schrift, dy seit: swaer by nen ding, mar sizz':
"Ja, né,"—mey 't hert—dat dær by muwlk forgotten is.

[Pg 11]

FARYSEE.

Bekeard yn wird; yn 't wæsen
In Ingel, foâr ien oar;
Mar net yn 't hert to læsen,
Went satan stiet 'er foar;
O! neam him och noch wé,
Mar simpel: Fariseé!^[1]

FRY-GOD (CUPIDO).

O guwchlery!
Fen pylkje in wjuck,
Hwat macket dy
Ues 't libben drock!

"Wird' ryck, wird wiis,
AS SALEMO!"
(Sa swetste, o biis!
ô Cupido!)
"Sa min as him
Strekt rie noch die,
As net myn stim
Wralds liedsman wie."

[Pg 12]

Ho lyts—'n great biis,
ô Cupido!
Bist': ryck in wiis
AS SALEMO?!

Moarnsier, jounslet,
By nacht, by dey,
Hwa taogest' net
Fenn' goede wey!

Dyn eygen moer
(Godin dær 't wier!)
Hwat hold hja oer
Fen 't moai? nen sier,
Somt hja troch dy
Beguwich'le waerd:
VULKAEN—har fy—
Hat har forsmaed.

Fry wiern wij, biis!
Wierst' dow yn 't net:
Mar jong in griis
Hast dow forret

Forret, altiid;
't Is mickje in—sjit?
In dat ta spyt
Noch fryen hjit.

[Pg 13]

Ja, fryen, biis!
Dyn guwch'lery:
In ryck noch wiis
Is by dy fry.

't Is slaewerny,
Wol sæft, mar fæst:
Dyn wjuckjes—fy!
Wær jaen' se ræst?

Hwat libbet, sjucht
Al wær ney dy;

Ho schjin ues nocht,
Wy blieow' dy by.

Earst den is 't uet,
As 't kald gebient,
Him, lease guet!
Mey 't græf forient.

Neam 't fry den fryen,
O lytse biis!
"'t Græf eint ues lyen,"
Sizze ick, is wiis.

[Pg 14]

FYN.

Fyne noäskes, fyne tongkjes;
Fyne hoäskes, fyne schonkjes;
Fyne glæskes, fyne wyntjes;
Fyne mæskes, fyne lyntjes;
Fyne speckjes, fyne swaerdjes;
Fyne beckjes, fyne graedtjes;
Fyne spierkes, fyne luwdjes;
Fyne knierkes, fyne huwdtjes;
Fyne feltjes, fyne faldjes;
Fyne steltjes, fyne kraldtjes;
Fyne liiskes, fyne triëdtjes;
Fyne biiskes, fyne sniëttjes;
Fyne hoäntjes, fyne pripkjes;
Fyne kroantjes, fyne lipkes;
Fyne hantjes, fyne lockjes;
Fyne pantjes, fyne brockjes;
Fyne prikjes; fyne flockjes;
Fyne stickjes, fyne pockjes;
Fyne hattjes, fyne spiltjes;
Fyne mattjes, fyne prultjes;
Fyne snaeren, fyne waeren;
Fyne slypers, fyne knypers;
Fyn ... fyne ... er falt my net mear yn—
As...—groue minschen wirde fyn!

GEBOD. (ALFTE)

'k Hald m'oan 'e tjien geboden Gods,
'k Steun op syn frye genaede,
In CHRISTUS is myn deel, myn rots;—
'k Belyd', 'k bin swier belae
Mey sondenschuld fen fleisch in bloed....
"Mar mey 'k je den ién rie jaen, SJOERD?
Nim 't alft' gebod er yit noch by:
Foryff'lje nimmén—God noch my!"

[Pg 15]

GECKOANSTECKEN.

As 'k sizz': de "jonkheit brânt yit, grien,
De griisheit toär in heal forgien,
Ho alder noch ho gecker".
Bin 'k den *geckoan*, as bin 'k ien *geckoanstecker*?

GRIIS, GRIIZ.

Is griis net griis in wiis,
Den 's griis ien griize griiz.

HERT.

Dit 's 't oerglæs fenne siel, dær bloed troch rint as sân,
Min foun yit folle al uet, foaral in Ingelân;
Mar 'n nye sielklock net, 'k lieow, dit rint eaek to fier:
Ién letter koe 't oars dwaen, as Ing'lân Ing'llân wier.

Fen *Poppenwier* ney *Dearsum*, rydt

Ien post by nacht in dey;
In opt 'e Directeur kreckt wyt,
Ho trou 't min 't oer 'e wey gean lit,
Juwch Hy dit oerglæs mey.

[Pg 16]

HONGER.

Elts' minsce hat hast ien hear,
In is foär 'n oar syn'n daof.
Mar honger kloppet oan,
In 't is—*ien kudde, ien g'loof.*

HONK.

Wy kry'boatse oppe wrald as bern,
In sette fry hwat schonk;
't Spant, dat min 't mey 'n oar fyne ken,
Foar 't 'e dea seit: *hjr is honk!*

ICK.

Hwat *ick* is, wyt ick net:
't Hjit fleisch in bloed yn 't libben;
Bin ick, as 't græf my hat,
Den huwd in hier in ribben?

IEN ICK.

't: "*Ien Ick*" is altiid frêâmd foar my;
Is 't eack nen nuewer stickje?
Went, as er immen trouwt, mat dy
Him-sels den yit *forickje?*

IMMEN. (OP)

Ynne hel binn' diwels, freuanen!
Diwelinnen binn' dær net:
Oppe wrald binn' dy fæst bleauwn, in
'k Lieow, dat min yn *dat* huws ien hat.

[Pg 17]

JAN IN.....

Wær is jow wyf fen dinne, JAN?
M myn f frou ... d dat is en Kuindersman.

JANEVER.

Is 't 't Fransc genèvre? *je*—ney 't Hollansc? Frysc? as Ingelsch?
Janever seit m'n op 't Frysc, op 't Ingelsc is 't læste ewwer;^[J]
Hja neam' jenever *gin*, gin! ewwer? ick woe leawwer
Dat 't Ingelsc ues gin^[K] wier, in 't ever-gin! frysc-ingelsc.

JILD.

God PLUTUS tuenket mey de wrald,
Hy is wolsteld, mar dom;
Oars bæste boaden, dy 't er haldt:
Faem VENUS wuerr't, in BACHUS-OM
Dy schoffelt now in den ien gong;
Mar PLUTUS bruwckt kald jild ta dong.
In omt dit roun is, komt it yit
Dat *hjr* sims neat in *dær* wær fiêrst to folle sit;
Ien inkeld sté hat mar fen pas:
Sa dwaende, jouwt ues wrald ien hopen misgewas.

NB. Fen PLUTUS, de *Jildgod*, fenne mansiike VENUS in fen BACHUSOM, dy swiete prieower, scil min, tink ick, wol mear wyte, as er hjir fen schreauwn stiet, to mear, dær 't 'er now al sahwat oeral fenne goderye leard wirdt.

[Pg 18]

KLEYSIICKTE.

De kleysiickte onder 't fee! hwa het er oait fen heärd!

'k Miend 't socks de minscen scheelde;
Mar—'k tink, dat har gekley de hymel oandien hat,
In 't dærom mear fordeelde.

KOLOANJE.

Koloanje Willemssoad!
Ien soad foär 't Haed fen 't Lan?
Is dat ien Christen oard—
't Giet boppe myn forstàn.

"*Koal-oan, ju!* alles breck,"
Sey BINSE, (mat min 't læse)
"Mat 'n Willems-soad genæse!"
Now, den is 't net sa geck!

KROADE (OPPE).

De stoomkunst rint yit fier!
In sjuch, ho feylich is 't:
Hjir sliapt de passegier
In droomt de machinist.

LAMPEN. (SPAR)

Ja, oalje-dom wier de alde dey;
(God mey 'r ues foär bewarje!)
Do barnden lampen de oalje wey,
Now haw' wy goed, dy-sparje!

[Pg 19]

LICHME.

Ues lichme is aeydop lyck,
Myn freuanen! As wy steârre,
Is 't neat; went 't iiw'ge pyck
Komt uet 'e siel, de deârre.

LJEACHTMIS.

Fy, all'gearr, 't ljeachtmis, ald in ny?
Né, hwat ick lieow, dat lieow ick net:
Dit neam ick sins-forbjustery,
'n Dat 's 't tjusterst tjuster dat min hat.

MAL.

Net altiid in oeral,
Mar is 't net faek 't gefal:
Ien bastert 't mal fen 't mal?

MATTH. 7:21.

O grouel, dy dit wird forjit!
Al: "Heare, Heare!" ropt, mar lit
Al hwat de Heare ues hjir belæste:
Is 'n Heareschreeuwer net op wey—
Wær sa'n ien den belânje mey,
Dy God lit dwaen, om sels to ræsten!?

MINSCEN.

De minscen, weagens lyk, dy troch Gods asem rinne,
Geane op in del ney 't græf; in schomje en bruwze mear,
Ney 't hja yn rommer sé as oan 'e kusten binne:
'n *Hjir* duwck't ien as ien berch, in *dær* ien as ien fear!

[Pg 20]

N.N.

Ken m'n onbekend uet N.N. læse,
De greatste N.N. mat God wol wæse.

NEYGEANDE.

Neygeande is elts hjir, jong in ald,
Mey boase lust yn 't herte;
Neygeande! it is mar: "krye in hald!"
Nen Ingels kin 't belette.
Hwat Ingels! Doom'nys leare ues 't quea,
Hja wiise ues sels de wey
Yn 't neygean: sjuch! ien earne dea
Giet min oan 't græf ta ney.
Neygeande minsc! dyn neyste bloed,
As 't oan dyn kreft net leyt,
Dy haldste yn 't neygean net to goed,
As wier 't ynne iiwichheit!

NIMMEN.

Ick winksje nimmen dea;
Mar NIMMEN woe 'k, dat stoar;
Went dy docht alle quea
Foâr my en foâr ien oar.

OALICK.

Is oalick ('n oar belickt) behoarlick,
Den 's ommers eack 't wird: oalick: *oarlick*.

[Pg 21]

OANTROUWD.

Baas JAN forlear syn wijf;
de bern wiern' raer oerstjoer;
Mar JAN blieowt fry constant,
in treast't har om har moer.
"Ja, bern!" seit hy, fen sels
"jimm' mem—dat mat jimm' knelle;
Ick wier mar oan har trouwd,
mar 'k kin 't mar justjes stelle."

OMKOAL.

Ho ken min 'n omkoal sa forsmædsje!
Is den de hele wrald gen koal,
In dêr wy allegearr' ney aedsje?
Mar—omkoal rint *altiid* om koal.

P.S.

P.S. Post Scriptum (Ney-schrift) JAN?
't Prinspeal fen 't schrift meits ick er fen;
Went hwast my schrieowst, ho folle, ho min—
Forjits! 't P.S.—'t hat slot noch sin.

PEIL.

Onpeilbre sé, hjit *grondeloos*,
In noait is min 'r op druwchte racke;
Mar hjit ien minsce *sondeloos*—
Kin min dêr eack sa peil optrecke?

[Pg 22]

PINNE.

Schreaww mannich pinn' ris mey de fear—
(Schoan 't minder wie' to læsen)
'k Lieow, mannich schrift die net sa sear,
In scoe sa djoer net wæse.
Dat swarte in fyn'
('k Woe dat 'k it leach!)
Is faeks fernyn
Foâr pong in each:
Foâr pong in each, dat wyt Notaris,
As, lyck as HUYGENS seit: *Nood daer is*.

QUANSQUIIS.

'n Quacksalwrich wird neam ick, quansquii
Fen 'n bryckjend poep, ien Diwelbänder;
"Krâns! kriis! krâns! kriis!" spriik 'r uet: "quans! quiiis!"
In wær: "quans! quiiis!" (it spande er)
't Geloof heärt, quansquii, rounom by;
't Woe, dat we er, quansquii sonder koenen,
Mar ién quansquii behalde wy,
In dat is 't greatst quansquii: it tjoenen.

QUEADE.

De Queade is ues comiis,
Om sims ues deuchd to peylen,
In wy, ynne oare wrald,
Nen falsce waer' to feylen.

[Pg 23]

QUEA JILD, QUEA MINSCEN.

Quea jild komt fen goe' minscen,
Quea minscen fen goe' jild;
't Falsc' jild fen echte minscen,
't Falsc' minscdom fen echt jild.

RIE IN DIE.

'n Goe rie is folle wird'ch, mar mear noch ien goe' die;
Mar foärrie 's alderbæst fen alle die in rie.

ROMTE.

"De wrald is eärsling!" sey dowe ACKE,
"Hwat ick mochte onderwyne,
"Ho 'k screpte yn romte in romte macke,
"Ick koe yit krapte fyne.

ROUWE.

'n Minsce' hat ien herte as stien;—syn neyste bloed forsteärr't,
In hy giet djip ynn' rouwe,
Sa lang 't hy heel nen læst fen rouw to wachttjen hat
Yn *him* to gaen. Besouwe
W' oer 't quea fenne earste fal—forlies foar 'e hele wrald—
Dy waerd' berouwe *opp'* scheamte:
Now rouw't min oeral *yn*, fen top ta tean; in haldt
De queakleur better noch, 't blæd fen 't fiigebeamte!

[Pg 24]

SATAN.

Al hwat de Heare wæs'ne is iiwich, altiid goed,
Mar hwat ien minsce docht, is minder goed as tjoed.
Is Satan kleare quea—hwa haldt min foär *syn* macker?
Dy socks foär Gods wirk haldt, neam ick ien greaten stacker;
Ien stacker lyck as him, dy fen nen goeddwaen wyt:
Ien *dwaes*, dy 't mey him *haldt*, *wiis* dy him *farre* lit!

SJIPPE. (OM)

Om sjippe, giet min yit net fier,
Wy haww' se yn 't Làn, mar lang forlyne;
Do 't minsdom oergroeid sielsmoarch wier,
Koe m'n echte to *Jerues'lim* fyne:
Dær, wær 't de Hear JËZUS libbe hie,
'n Wralds sielsmert troch Him wosken wie,
Teach 't midsyiewwsteam by fleten hinne
Om sjippe—in brocht se net jamk thues:—
In 't paed om sjippe is noch foar ues
Oer de alde krueswey eack allinne.

SNIE.

As 't ierdryck, kald in stiif, schynt ynne rouw to sitten,
Struy' de Ingels lowers del;

Foär eltse steär ien steärke, om 't minsc'dom sjen to litten,
 Ho 't God, sa hillich, sa great, altiid har heit wol hjitte,
 Dy d' ierde oan e hymel boun, sa fæst, dat neat har schiedt,
 O, minsce! set nin træd op 't godlick sniekleed del,
 As tins, dat God, as heit, syn leafde ues schoagje liet.

TEY.

De winter, ruwch yn 't bird, wirdt fenne sinne ynsjippe,
 'n Dy lit it fette sop (de tey) op 't ierdryck drippe.

TREFFER. (IEN)

Ald schipper ROEL waerd minder oan;
 Syn ein, sei Dokter, scoe hast komme,
 In wyl 't min miende, dat 'er slomme,
 Wier ROELOMME er uetschaedt tjinne moarn:
 De feint raop: "now! dat treft mar schoan—
 Hwat *koe* er moarns oars bromme!"

TRIËNNEN.

De triënnen sizze mear, as wirden ueterje kenne:—
 Is 't muwlck wol de iiw'ge tael, dy hjir ues siel yit spreckt?
 Is 'n minsce 't biild fen God,—'k lieouw, dat de triennen binne,
 Al 't jinge ues iiwich ick ken iiwichs hjir besinne,
 Sa 't 't *wol* by de iéne, in 't *wea* by de oare uet 't eachwiet breckt.

[Pg 26]

UETSET.

Baes PIER syn aldste dochter trouwt,
 In omt se al gâns foaruet hat,
 Seit hy: hja hat *genaoch* foaruet!
 In treastet har mey 'e mans uetset.

UETSJEN.

Ien minsce, pas to wrald, sjucht uet, ney boartery;
 'n Ho âlder noch ho mear—yn 't ein de bril er by:
 Is 't ny'chheit, dat dit spil ues allegear 't steårren docht?
 Den eårste is 't uetsjen dien, as min jinsels uet sjucht.

UET TO YTEN, UETYTEN.

Uet t' *yten*, SJIRK? pas op dyn maegje!
Uet yten,—'k haw fen beiden wæst—
Uet yten, kenst' net mear as draegje,
 Uet t' *yten* jouwt noch swierder læst.

NB. Uet to *yten* is by de boeren uet to *tjock-yten*; *uetyten*, neame hja troch it *yten uetset*, *dyd*: yn de earste beteikenis wirdt SJIRK hjir eack sa oan spritsen; mar it de oare sjucht mear op uet lydschjin uet *yten*; as rom fen maegje, slop.

WIRD. (GODS)

De heele Biibel hjit Gods wird:
 Ién wird, dær wy by tuws'nen læse!
 Mar 'k tink, dat 't mey 'n oar ién betjudt;
 In dat ken *neat* as *Leafde* wæse.

[Pg 27]

WRADSEIN, WRADSSEIN.

"'t *Iene ueterste uet*, 't *oare yn!*" 'k lieow 't by gelearden fæst is;
 'n Hwa onderfynt 't eack net, dat hjir faeks freuchdsein læst is;
 In tuws'nen dingen mear dy in nen delen lycken,
 Dy meitse 't sizzen wier troch moaye in maole blyken:
 Hwat sa fenne oanfang aof oer' wrald in 't wraldsce sein is,
 Sizze ick yn ienen hjir: '*k lieow, dat wraldsein wraldssein is.*

WIIF.

"'t Is ADEMS schuld," sey JAEY, "dat alle man fordomd waerd,

Omt hy oan 't strueck'ljen racke,"
Dat tank't de diwel dy, as dy ien ribbe omtnomd waerd,"
Sey JAN, "hiest 't better macke?
In—'k lieow, 't wier noch sa maol net roun,
Hie hy, yn pleats fen 'n wiif, syn ribbe mar wær foun."

YNTJE JANSZ.

'n As song wraldssjongbaes yit,
(De blyne Grieck, HOMEAR)
'n Noch moayer as it hjit,
Hy spylle it hjir net klear.
Mey MILTON den gelyck....
Hwat MILTON!—TASS', VOLTAIRE
In KLOPSTOCK, BILDERDYK—
'n As songen se allegeärre
Har heldedicht op ny,
Mey 'n tryris hjitter fjoer,
Wis, Friesen, raopen' wy
Er blieowt nog fryhwat oer!
Hwa doar him mey de pinn'
By immen forgelyckje!
JEAN PAUL (och, dat 'k gen bin!!)
JEAN PAUL scoe muwlk mey 'm pryckje.
Mey 'm pryckjen!? Ne er næst,
In YNTJE boppest stean:
Hwa 't YNTJE JANSZON læst,
Mat ear in each forgean.
Wey, lompe pinne! wey,
Ick, sondich minsc, scoe 't weagje
'n Kom ues profet byney!?
Ick lieow, 'k beswymm' ... 'k steäreagje.

[Pg 28]

YTE.

Neame ouverturen op fenn' greatste spylershaesen,
Dit 's 't: "Generael-Hoezee!" sa lang 'r hwat is to aesen,
De Maege stjoert 't orchest, in nimmen docht it better:
As 't slim komt, macket 'r ien marsch—op *druwch brea* in *kald wetter*.

YTEN. (GEBED FOÄR)

"Kom, de eagen ticht, 'n de hannen gear!"
Sa lear' wy 't quea as bern.
't Quea? 't bidden foär ues leawen Hear!
Ja freuanen! 't quea, went sjen:
Foär 't *yten*, net foär 'e Heare is 't, yit,
Dat min de berntjes bidde lit:
Sa wird' wy slaewen fenne wrald,
Yit lyts in fry, lit stean den—ald!

[Pg 29]

CLIPS-ODE.

"*Siet eens, hoe rond is LÏJS, en hoe vermagert PHILIPIS:
De een schijnt een volle maan, en de ander haer eclipsis.*"

HUYGENS.

1. Wol wier 't ald spreukjen, Almanak!
Dow biste ien rjuchte leugensack:
Mar *fjouer* clipsen 't hele jier?
'k Lieow *tuwsen* wier hwat better wier
2. Dow rekenst' wol op *Liouw't* in sa
(Now ja, dær giet wol gâns om ta!)
Mar alle pleatsen mast' ney sjen,
Ho 't min al clipsen krye ken.
3. *Den Haag* in *Dordt*; *St. Ann'* in *Grouw*,
Terschelling, *Heidelberg*, ter *Gouw*,
De *Knype*, *Drogeham* in *Rys*,
In *Rome*, *Munchen* in *Parys*.

[Pg 30]

4. Ney *Dearsum*, *Rotterdam* in *Broek*,
Schiedam in *Lojengea*, *Dykshoek*—
Alle *um* in *am* in *gea*, woe m'n 't dwaen,
Scoen' dy wær nye clipsen jaen.
5. Nen doarp, ho lyts, kastiel in kluws.
Op 't lân, op 't wetter, schip in huws,
Ja, tjerke in timpels, dær 'k fen swy'.
Dy jaene clipsen wær opp' ny.
6. In den de tiid, by nacht as dey,
Dy bringt wær oare clipsen mey;
Mar dy 'st dow neamste, it schaete ues net,
As hie m'n 'er niks fen hinne set.
7. COLOMBUS hie er foardeel fen,
('t Is wier) mar socken schrande man,
Dy wist, hwat 'n nye wrald uet ley,
Wist eack yn ontiid rie in wey.
8. 't Is wier, dyn tiid hjit middelbaer,
Mar mannich wirdt to let gewaer,
Dat 't midden faeks noch fier fen 't eyn is:
In is 't yn 't midden net meast clipsis?!
9. Foart op Nyjiersdey clipsit 't yit,
As credit debit efter sit;
Min neame 't sa 't min 't wol, ick sizz
Dat 't den by mannich 'n ien wol clips is.
10. Tink oan 'e Freed, oan' Sneuan in Snein,
By Turk in Jood in Christen rein,
As hillich, ho min 't neame, ick sizz'
Dat 't faek ien tiige tiige clips is.
11. De hege feesten—'k swye er fen,
Mar lege geesten swewe er den:
Min neam' se heech in sillich, 'k sizz'
't Binn' daegen sims mey 'n greate clipsis,
12. Comeedsjes, oppe merke as net,
De hele merke, as oare pret,
It wæse er bliid in ljeacht, ick sizz'
't Is 'r oeral fol to sjen fen clipsis.
13. Ja, moarns in jouns, by nacht by dey,
Op bæd as oppe hearenwey,
Min mey er wæse meye,—'k sizz'
't Is dær net seldom clips op clipsis.
14. Mar hwat fen tiid in pleats mear sein,
Fen ljeacht in tjuster, dey as snein,
Ien inkeld minsce, ja! ick sizz'
't Is faek ien greate, greate clipsis.
15. Wier is 't in blieowt it, Almanak!
Dow wierste in biste ien leugensack;
Mar, hwat fen dyn bereck'ning fiks is:
Dow seiste ues kreckt *honeer* 't it clipsis.
16. Noch mear: wær sa, ho langen tiid,
Dat mackest' ruchtber wiid in siid;
Mar de oaren, dy 't ick neamde, ick sizz'
Dat 't dær mey faeks to muwck is clipsis.
17. In komt min 't onforwacht to sjen,
Dat onforfalt sinis barre ken,
Min sloopt jins eagen in ick sizz'
Dat 't faeks den clips wirdt in herclipsis. [L]
18. In berntjes, goede, froede lju,
Och God! ontjilde dy 't net rju?!
Neam elts 't mar oars, dy wol, ick sizz'
Er binne berne- in bernsbernsclipsis.
19. Begjin fen ADEMS tiiden aof,
In fenne schied'nis yn it haof,
Ja, follen neam 't dær klear, mar 'k sizz'
't Is dær foar folle mear noch clipsis.
20. d' Historie fenne wetterfloed,
Fen ABRAM, ISAÄK in har bloed;
Egijpte, *Arabie*, *Horeb*—'k sizz'

- 't Is mannich Jood in Christen clipsis.
21. Nen Turk beclipset *Mecca* sa;
 Min mey ien seilstien bæd dær ha,
 Foär vader MAHOMED,^[M] ick sizz
 't Is ien fenne alderlytste clipsis.
22. *Jerusalim! Jerusalim!*
 Al spriik uet 'e hymel dær Gods stim—
 Gelearden mey 't betwistje—ick sizz'
 By 't greatste ljeacht, de greatste clipsis.
23. Hwa roun net, in ues tiid, to keap,
 In raop 't nysgierrich folk to heap
 Mei printjes fen dy clips?! Ick sizz'
 Noch sjucht in heart min 't yit, o clipsis!
24. Mar fjouer clipsen 't hele jier?
 ô Almanakjen wier 't mar wier;
 Mar net ien eagenblik—ick sizz'
 't Is altijd, hjir as dær, wol clipsis.
25. Went—scil min ien goed ding hiir ha,
 Dær heärr' yit trye dingen ta,
 Seit CLAUDIUS. In is 't sa, 'k sizz':
 Den ken 'k mar ien, ien *goede* clipsis.
26. Ues trye bollen meitse dy,
 Mar den 's de wachter^[N] fol as ny:
 Ja fol in ny! Ho mannich, sizz'
 Bringt hjir mey fol in ny 'n quea-clipsis.
27. Mey heal, mey quart, mey wrack mey ald,
 In sonder sinne hat de wrald,
 To jammer faek—'t is wier ick sizz'
 Net to bereckenjene clipsis.
28. 't Mey wæse, dat it rounne, omheech,
 Allinne roun schaed jouwt omleech—
 Dat rounne is hjir faek glydrich, 'n 'k sizz'
 't Jouwt stroffling in socks neam ick clipsis.
29. O, clipserie foär sin in hert,
 Forsmaedsje wy dyn foarschrift net:
 Fen fierren, 'n troch 'e fingers—'k sizz'—
 Sjucht min faeks sonder schea noch, clipsis.
30. Wol, dy mey 't steärren, bliid in fry
 Seit: "'k clipse nimmē—'n nimmē my."
 Min mey 't mey sizzen dwaen—ick sizz'
 De dea-snick' noch, mar dær?! nen clipsis.
31. Mar de ierdkleat draeit mey ues sa hird,
 Dat 't Trye Ien (hill'ge schymer) wirdt;
 In JESUS (clips-fry) God!... Ick sizz'
 Wy libje clips, wy steärre ... O clipsis!!

[Pg 33]

[Pg 34]

[Pg 35]

OANTEIKENINGEN

BIJ DE

CLIPS-ODE.

1. Alles, hwat mar ald in hwat ny is, wirdt berymd, Læsers! in scoe min 't my den qualick nimme, dat ick ien ding sa ald in sa ny fen beiden, eack berymde?

Foaral net, as min wyt, dat iek eygentlick net sa 'n greaten rymer bin (dy hjitte lieow 'k tichters—dichters, mien ick) dat ick jimme in my sels fenne wrald loatse scoe, went ik ken net bæst omheech komme in ynne hichte forkeare, (den wird ick duwselich in 't begjint my to schymerjen) sa 't ick myn rymfjoer net ynne wolkens timperje ken, lyck as ... mar ik wol nen minsce beclipsje, mar dy immen sey: "ik schop den aardbol weg, en doop mijn wicken in de wolken!"

As 't jin sa begjint oan to gean in yn to barnen, den is 't better mey SYBE KUNST^[O] to sizzen:

"Wij winsen u alle de segen van den Heer,
 En hiermede legge wij de pin neer."

2. *Liouwert*. Er binne dy sizze, dat er alear, do 't e Alde-haof ien beaken ynne Middelse wier, ien kastlein wenne, dy Lieowe hjitte, in, dat min him om syn bæstens Leawe (Lieowe) weard (hospes) neamde in dær fen dinne Leafweard, Lieuwert, Liouwert, Liouwt.

[Pg 36]

Now schrieowt min op syn heech-hollans: Leeuwarden, 'k tink Leeuw-waarde, scil 't betjudde.

3. *Den Haag, 's Gravenhage, 's Hage*. Tink hjir, læser? oan OLDENBARNEVELD, prins MAURITS in de DE WITTEN; tink oan 'e tiiden fen ues romruftige séhelden in dizze stæd, tink oan 'e 10 deysce fjildtocht, oan WILLEM I in WILLEM II, yn in *ney* dy tiiden, in sizz' my den, as ick ongelyck ha, mey tu bewaaren, dat min, nei dy onderscheidene tiid n de planeten waernimmende, clipsen yn soarten to sjen krye scoe?

Dordt. Hjir by is 't ommers genaoch de jierren 1618 in 1619 te schrieowen, om ues hoopje te litten, dat er einling fen dy clips sein wirde ken, hwat de namme fenne aldstæd to kennen jouwt:

Dor- Door- drecht—trek—Doortrek.

Trochreisgje, passeare, foarby gean; honear komt it sa noch? Clips! clips! clips!

St. Anna. (Sus Anna). Scoe 't dær sa erch wirden wæse mey Sus-anna, dat er ien heel doarp uet ontstien is? Min wyt, dat as er ien pear jonge lju trouwden, dy hwat to foarbaerich wæst hiene, dat den it St. Anna klockjen, onder 't lieden fen 't feestklockjen, now in den ris mey bingele, omdat ongemerkt uet to bringen, (min trouwde do oppe gis wey allegearr' ynne tjerke.) in ho luwder dat socks gong, ho mear Sus-Anna; dær fen dinne seyt min noch, (went it komt ommers noch wol ris to pas) dær rint ien bytje, as dær rint hwat fen Sus as St. Anna onder.

Grouw. As dat op syn etymologisch Ge-rouw, as Gea-rouw, as op syn Waldmans Grauw, as op syn suiwer Hollâns Graauw wirde ken as wæse mat, as dat it mey folle *ou*-en allyck schat wirde mat, 't is gâns clipsisch.

Terschelling. Eack al clipsisch. Is 't Tear (verteer) as teare schelling? (6 *stoeren*). As is 't ter schelvisch en ling! (*visch* in *vangst* er net forgotten, omt dy wirden oertollic *wierne*?) Den scoe 't oafkomstich wæse fenne fiscery. As hat it de namme fenne Noardsee goden as reusen kryge, dy 't mar: ter schilling! neamden, omt mar wey to schylen, to packen? Wy scille dær strack noch ien stealtje fen jean by Akrom.

[Pg 33]

Heidelberg. By 'n party minscen, dy hwat lang scoen hawwe, ney clipsen oppe poolsce hichte fen Dordt bereckene, *Heilige berg* læsen. Hwat mat it wæse: Heide-berg as: Hei! del berg! Ick scoe 't mey 't læste halde; went ien heide-berch jouwt net folle frucht in ick mien, dat min dær yn dy stæd noch al ien byttje leafhabbery foar e wynstock hat, as hawn hat. To minsten, min hat er ien fet fen 36 foet lang in 24 foet heech.

As dat fol is, as dat it leech macke wirdt troch 'e Heidelberger godgeleardens, wyt ick net. Min kin, tinkt my, lyckwols neygean, dat sa 'n fet noch al hwat clips meitse koe. In—ien schrander reckonmaster hat uetcyfere, dat er by de forgaederinge fenne Dordsce Synode mear sopen (dronken, woe 'k sizze) is, as yn e ytlicke jieren, dat dit selde huws (dær hja do hymelkindigen by eltsoar wierne) ta herberch tjinne.

Ter Gouw sizze de scippers; *Gouda* seit min oars op syn Hollâns. It earste hat syn eygenscip ney it wetter: Gouw; it oare mey wol a! Goud! as Goud! a! as mey de *h* er foär Ha! Goud! wæse, as alde foärspelling troch 'e earste prekers dien, oppe kunst fen it glæsschildërjen fenne CRABETTEN. Hwa wyt it!

De Knype. Muwlk komt dit wird wol fen 't ken nype; min wyt den, dat it benouwtheit betjudt, as, dat it er nou besocht wirdt, dær fen dinne: as it nypt (knypt) in weder (wær) nypt (knypt) Boven in Beneden knype.

Drogeham. Scoe 't Droge, druwge, toärre ham; der ogen ham; as op syn Zeeuwsch in Grinslansch der hoogen (ham) wæse matte?

Dat hege in druwge is altiit min to schiften. Ick jaen hjir by noch ien riedling foär reckonmasters op, t.w.: Yn ho folle sprongen ien flie fenne Ham ynne Knype komme kin?

[Pg 34]

Rys. Wær mey dit wird dochs wey komd wæse? Rys—biisemrys, rys, to sieden; riiz, omheechstiige; forbastere fen *reis*? (Dy twae læste wirden betjudde eack fen pleats foroarje, mar it læste kin alle kanten uet, in sa is 't dær by Rys, in 't earste mat altiit omheech.

Alles kin min er fen meitse. In dat hat eack wær syn eygenscip yn 't wird-sels. Tink oan 'e boal, læser! oan 'e hueshimmelers, oan 'e baenfegers, oan 'e kouedrieowers,—oan 't diarrhée, oan 't sop—oan 'e loftbollen; oan 'e gæst (in al hwat mear riist troch ynnimmen, ynjaen as ynsmytten) oan 'e actie's, oan 'e reisen by nacht in by dey, mey stoomscip as stoomwein, oan lytse in greate, goede in tjoede reisen, oan oafdiene in uetstelde reisen in oan siskes in spreckwirdtjes fen reisgjen in rys in riiz in riize oafkomstich.

Hwat wirdt er al sa net mey *Rys* dien, mey Rys yn alle beteikenissen fen 't wird? Hwa doar, hwa wol in hwa kin in hwa scil dit sizze. Mar—nysgierrich is 't dat er sa 'n aerige profetsye yn leit, dær min fen sizze mey, dat de tjinswirdige eygener de goede folbringer fen is. Dat syn Heech Berne foar alle tjoede clips bewarre blieowe mey—is de winsce fen myn hert!

Rome. Min seit it is ney ROMULUS neamd, dy foärsycker eak heech spriik, dær 't er keuning waerd (750 jier foar JESUS komste) in earst mey wolwinne maolke great macke is; sa 't min 't wol

